

Frjentsjer, 20 maart 2019

Oan de ried fan de gemeente Waadhoeke
Postbus 58
8800 AB FRJENTSJER

Underwerp: rjochtsgelikensens en plaknammen

Rju achte ried,

Yn desimber 2016 haw ik yn in brief oan de ried fan de gemeente Frjentsjerteradiel (taheakke 1) myn need al útsprutsen oer de rjochtsgelikensens fan myn posysje as ynwenner fan de stêd Frjentsjer foar dy fan de *eardere* gemeenten Menameradiel en Littenseradiel oer, oangeande it brûken fan de offisjele Frysktalige plaknammen (*binnen de Nederlânsktalige kontekst*). As antwurd krige ik doe in kopy fan in memo oan it kolleezje en de ried (taheakke 2). Yn dat memo grypt it kolleezje werom op de ynskatting fan Dingtiid – oangeande beskate ferdraggen – yn it oanbegjin fan it weryndielingsproses. Om't dy ferdraggen noch nea hifke binne troch in rjochter, wol ik – en mei my de Jongfryske Mienskip, de Ried fan de Fryske Beweging en oaren – soks graach dwaan litte.

No't de gemeente Waadhoeke sûnt 1 jannewaris 2018 in feit is, kin ik op basis fan brieven fan oerheden, bygelyks de belestingtsjinst, fêststelle dat myn need terjochte wie. Ik krij offisjele poststikken noch altiten *mei it adres* Franeker yn stee fan Frjentsjer.

Dêrom haw ik de Topografyske Wurkgroep Fryslân (TWF) frege foar my út te sykjen, hoe't ien en oar sa te speak rinne koe. De wurkgroep seit dat soks komt om't myn plaknamme noch hieltiten as Franeker yn de GBA en de BAG stiet.

Yn it ramt fan in weryndieling heart de nije weryndielingsgemeente alle regelingen dy't yn de earder gearstallende gemeenten bestiene, binnen om-ende-by twa jier tiid te harmonisearjen, sadat binnen de nije bestjoersienheid alle ynwenners ien en deselde rjochten hawwe. Dy harmonisaasje hat de gemeente Waadhoeke foar safier't it giet om de plaknammen, noch net trochfierd. Foar de eardere gemeenten Frjentsjerteradiel en It Bilt, oars as yn de eardere gemeenten Littenseradiel en Menameradiel, bestiene der oangeande it brûken fan de

Beh.

1060

11800

21 MAART 2019

21/03/2019



19.108632

Frysktalige plaknammen gjin riedsbesluten dy't de boargers it rjocht joegen om altiten – *dus ek binnen de Nederlânsktalige kontekst* – de Frysktalige plaknammen te brûken. De gemeenten Littenseradiel en Menameradiel hiene dat rjocht wol oan harren ynwenners jûn. Sa hat de gemeente Littenseradiel oan syn boargers op 13 septimber 1993 troch in riedsbeslút it rjocht jûn om de Frysktalige yn stee fan de *fernederlânske* plaknammen te brûken. De ried fan de gemeente Menameradiel hat yn syn gearkommen op 2 april 2009 sokke rjochten oan syn boargers troch in riedsbeslút takend.

Foar de troch de *Wet arhi* foarskreaune harmonisaasje is it fan belang te witten dat as it om de plaknammen giet de gemeente sûnt 1 maart 1998 ek te krijen hat mei de ynstimming fan it Nederlânsk regear mei kêst 10, lid twa, ûnderdiel g fan it *Europeesk Hânfest foar regionale talen of minderheidstalen* om it brûken of it oannimmen fan de tradisjonele en kreative foarmen fan toponimen yn it Frysk ta te stean en/of oan te moedigjen. Om't de hjirfoar neamde harmonisaasje noch plak hawwe moat, binne de rjochten fan de iene ynwenner oangeande it brûken fan it Frysk op dit stuit *minder* as dy fan de oare ynwenner.

It leit mei it each op de troch Nederlân ûnderskreaune doelstellingen fan dat *Europeesk Hânfest* yn de reden dat de riedsbesluten fan de eardere gemeenten Littenseradiel en Menameradiel, dy't foar it brûken fan it Frysk fierdergeane as dy fan de eardere gemeenten Frjentsjerteradiel en It Bilt, as ûndergrins foar de neamde harmonisaasje fan de gemeentlike foarskriften te brûken.

Boppedat falt hjir te wizen op:

- De op 1 jannewaris 2014 yn wurking treden *Wet gebruik Friese taal*, dy't de likense rjochten fan it Nederlânsk en it Frysk yn Fryslân garandearje wol.
- De tasizzing fan Provinsje en Ryk, dien yn de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2013-2018* om yn it gefal fan gemeentlike weryndieling de oanbelangjende gemeenten te wizen op de needsaak om ta adekwaat gemeentlik taalbelied te kommen.
- De *Bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied yn de nije gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en yn de nij te foarmjen gemeente Waadhoeke* (*Staatsblad* – 2017, 104), dy't yn 2017 troch de fjouwer gemeenten, de Provinsje en it Ryk sletten waard.

Yn oerlis mei de TWF haw ik besletten om te wachtsjen mei ferfolchstappen oant yn de gemeente Waadhoeke de nije ried ynstallearre en de

boargemaster – troch de Kroan - yn it amt beneamd wiene. Dat is no it gefal.

Graach wol ik jimme no freegje hoe't it stiet mei de harmonisaasje fan de gearstallende gemeentlike foarskriften op it mêd fan it taalbelied, de plaknammen ynbegrepen. Wannear kinne de útstellen oangeande de harmonisaasje fan de plaknammen yn 'e mjitte sjoen wurde?

Mei rju achtinge,



Jehannes Elzinga,
Voorstr. 65
8801 LB Frjentsjer
0517-234524
jeh.elzinga@gmail.com

Y.ô.o: It Kolleezje fan de gemeente Waadhoeke

Taheakken:

- 1. Brief oan de ried fan de gemeente Frjentsjerteradiel dd. 17-12-2016*
- 2. Reaksje kolleezje op it brief fan Elzinga dd. 20-6-2017*